

Men moat sprekke
doare as it tiid is

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



Herstart voor café Bonnema

Na verbouwing van twee jaar kunnen inwoners van Mantgum weer terecht in dorpskroeg

pagina 3>



Massahoulik yn Spannum

Seis jonge pearkes joegen elkoar tidens spesjale trouwerij op basisskoalle it ja-wurd

pagina 5>



Jonge heit bliid mei publykspriis

Iepenloftspullen Easterwierum en Jorwert falle op Gouden Gurbe-festival wer yn de prizen

pagina 9>

It is net gau heech genôch foar 'Buurman en Buurman' út Littens



Foto: Henk Bootsma

Wommels - Hoe heger, hoe moaier. It is Ronny Roskam en Gosse Jorritsma út Easterlittens net gau heech genôch. Koartlyn wiene se in wike yn de goate fan de toer yn Wommels oan it wurk. Kra-poan 26 meter heech. „It went wol om op hichte te wurkjen. We ha altiten in moai útsicht“, fertelt Roskam. „By helder waar kinne we sels de Waadeilannen lizzen sjen.“

De twa mannen, buorlju fan elkoar, ha beide in eigen bedriuw. De iene is eigner fan Ronny Roskam Onderhoud Renovatie en Zinkwerken, de oare fan Bouwen onderhoudsbedriuw Gosse Derk Bouw. De twa buorlju - „se neame ús geksearend ek wol Buurman & Buurman“ - binne gauris tegearre op in paad.

Dizze kear wie dat yn opdracht fan de Protestantse Gemeente

Wommels-Hidaard, de eigner fan de toer. Jorritsma en Roskam hawwe de sinken goaten ferfongen troch koperen. Ek it fuotlead en de pûsters waarden fernijd.

Om de toer wie in tou, de saneamde libbensline, befestige. Mei feilichheidsheakken sieten de mannen fêst oan dit tou. Mochten se in misstap meitsje dan soene se maksimaal twa meter falle. Wol hawwe se op hichte somtiden lêst fan de wyn. „It waait dêr altiten mear“, sa sizze Roskam en Jorritsma.

De toer fan de Jacobitsjerke yn Wommels is boud yn 1862/63. Earder stie der op dat plak in stompe toer mei in sealdak. Yn de gearkomste fan 21 desimber 1861 naam de gemeenterie it beslút de toer te ferfangen. De âlde toer soe boud wêze yn de fjirtjinde ieu.

It wie skraabjen, mar wethâlder Bram Bonnema is tefreden 'Ik soe net witte wêr't we no noch op besúnigje moatte'

Wommels - It wie neffens wethâlder Bram Bonnema skraabjen, mar dat it de gemeente Littenseradiel dochs slagge is om de begrutting foar de kommende fjouwer jier slutend te krijen, jout him in goed gefoel.

Door Hinne Bokma

„Ik soe net witte wêr't we no noch op besúnigje moatte, want we ha mei elkoar ôfpraat foarsjennings lykas swimbad en bibleteek oer ein te hâlden“, sa stelt de wethâlder.

Om tsjinslagen op te fangen is der op it gemeentehûs yn Wommels noch in potsje fan 2,5 miljoen euro. Bliuwe dy tsjinfallers út dan is der de kommende jierren yn alle gefallen noch in heal miljoen beskikber om winsken út te fieren. Yn de begrutting 2015-2018 binne dy winsken opnommen. Dan giet it bygelyks om de oanlis of renovaasje fan sportfoarsjennings, de útwreiding of renovaasje fan doarpshuzen, ferbettering fan de trochgeande rûte troch Mantgum, de oanlis fan in kuierpaad lâns de

Sibadawei yn Easterein, it ferbreedzjen fan de dyk tusken Wommels en Easterein en de oanlis fan it Swettepaad tusken Jellum en de Swette.

Kommand jier stekt de gemeente ien miljoen euro yn fiif grutte projekten. It giet om in keunstgersfjild yn Easterein, it opknappen fan de Hottingawei en de tagongswegen yn Wommels, it ferbetterjen fan de ferkears situaasje op de Hege-dyk by Weidum, it fergrutsjen fan it parkearterrein by it NS-stasjon en de realisasje fan 60 km-sônes

op de trochgeande diken yn de gemeente.

Om jild foar dizze projekten frij te meitsjen moat de gemeente flink besúnigje. It kolleezje stelt de rie foar om fia natuerlik ferrin it tal meiwurkers mei 5 fte werom te bringen. „We ha besjoen hoefolle minsken we nedich hawwe om goed ús wurk te dwaan. Doe die bliken dat we rom yn ús jasje sitte en dat we fiif folweardige arbeidsplakken ôfbouwe kinne.“ Ek wurdt der besúnigje troch de brêgen fan Easterlittens en Winsum troch

ien brêgewipper betsjinje te litten, wat minder faak de bermen te meanen en it krystpakket foar it persoaniel fan de gemeente ôf te skaffen. Wethâlder Bonnema fynt dat ferantwurde.

Littenseradiel hie earder al in foarsjening troffen foar it eksploitaasjeferlies dat de gemeente hat troch de stagnearjende ferkeap fan boukavels. De eksploitaasje fan de bouprojekten lit in negatyf resultaat sjen fan goed ien miljoen euro. „Dat jild drukt no net mear op de begrutting“, seit Bonnema. „Foaral grutte gemeenten hawwe der bot lêst fan dat der minder kavels ferkocht wurde.“

De gemeente wol de boargers de kommende jierren net konfrontearje mei nije lestenferhegings. De onreplik guod belesting giet wol omheech, mar dêr stiet in ferleging fan de rioelfheffing tsjoer. „Yn in tiid fan besúnigingen wolle we de boargers net noch mear belest.“ Op moandei 27 oktober komt de begrutting oan 'e oarder yn it Rûntepetear en op 10 novimber meie de riedsleden oanjaan wat se der fan fine.

KAMSTRA
STEENHANDEL
BESTRATING EN GRIND

Monsamabuorren 1
Hinnaard
t. 0515 333 432
kamstrasteenhandel.nl

't Kappershûs
bestaat 20 jaar!
zie verderop voor jubileumactie

't Kappershûs

www.kappershuis.nl

skilder nedich
www.skilder.nl
schilder nodig

TEN CATE

3+1
GRATIS

VAN DER VELDE
SLAAPCOMFORT | MODE | TEXTIEL

Tsjerkebuorren 16, 8831 XH Winsum (Fr), Tel. 0517 341 268
www.uwmodespecialist.nl | Parkeren voor de deur | Vrijdag koopavond

party- en activiteitscentrum

It Dielshûs
W O M M E L S

zaterdag 25 oktober

feestband
DIEPTRIEST

zaal open: 21.30
www.itdielshus.nl